

Fan de pleats nei in hûs

troch Jaap Krol

Ut 'e foarein II is de opfolger fan, jawol, it tige suksesfolle Ut de foarein. Dizze bondels bestean út de samle kollums dy't skriuwster Simy Sevenster ûnder de namme Setske skreau foar ûnder oaren it Frysk Lânboublêd. Mei-inoar beslaan se it tiidrek 1980-2005. Fiifentweintich jier plattelânslibben dus, sawol yn, om as bûten de pleats. Fiifentweintich jier yn totaal, dat is net in bytsje.

Yn diel twa stean mar leafst twaensantich koarte ferhalen, dêr't in beskieden reade trie yn te ûntdeken is. Setske en Ate hawwe in hûs kocht, net fier fan de pleats dy't soan Jurjen no bewennet. Soan Timen studearret yn Dimter. Ate en

Setske wurde pake en beppe en binne tsjûge fan it opgroeien fan harren pake- en beppesizzers. En fierder giet it gewoane libben gewoan fierder, mei of sûnder bakje kofje.

Lit ik begjinne mei it komplimentearjen fan skriuwster Sevenster. Har ferhaaltsjes binne iepen, stilistysk dik yn oarder en lêze as in trein. Of it no katten, geiten, einen, buorren, bern of pake- en beppesizzers binne, alle fasetten fan de lytse wrâld berikke it nije hûs. It aardige is dat Sevenster humoristysk en allyk messkerp is. As se har deminte skoanmem opsiket, hat se mar in pear sinnen nedich om de benearjende sfear yn in soarchhûs te omskriuwen. As se de lienauto net starte kin, wurdt der fuortendaliks in oare auto kocht,

dêr kin de autoferkeaper, de hiele wrâld, ynklusyf de lêzer, net omhinne.

Los hjirfan, fûn ik Sevenster har Frysk ek moai, se wit in moaie balâns te berikken tusken tagonklikheid en in betiden bysûndere wurdkar - en dat wylst ik in oertsjûge tsjinstanner bin fan geef Frysk. Dat se alles op har eigen wiize oanstippet, dat makket de bondel ynhâldlik en technysk sjoen tige lêsber.

Dochs kin dat oanstippen ek oars útlein wurde. It sammeljen fan dizze koarte ferhalen hat namentlik ek wat oars fan gefolgen. Sevenster har lytse wrâld, hoe leaflik beskreaun ek, is in parade fan feiten en barrens dy't dit hûs ek net mear ferlitte. Noait wurdt it

partikuliere ris trochlutsen nei in heger plan. Dêrtroch krige ik faak it idee dat ik in bûtensteander wie, dat ik in Big Brother-boek siet te lêzen, fol anekdoates en oare lytse barrens dêr't ik fan tocht: wat moat ik der mei? Wat moat ik mei de konstataarring dat der mûzen yn it bêd krûpe, dat der in nije bank kocht wurdt en dat soanleaf Timen in baan hat? Sykte, jildsoargen, spul, se bestean ienfâldichwei gewoan net. Nei numer safolle tocht ik wolris: moat ik dit no allegear lêze?

En dat wylst der reden genôch is om de sizzingskrêft fan dizze ferhaaltsjes nei in heger plan te lûken. Wat bygelyks is it gefoel dat it beppe- en pake-wurden ien jout? Wat is de essinsje fan it âlder

wurden? Hoe fielt as de bern gjin bern mear binne? Fiifentweintich jier plattelânslibben yn dit moderne, stjonkrike lân is in prachttema om de neatwittende lêzer mei yn de kunde komme te litten, foaral om't wy yn in tiid libje dêr't it klassike plattelân ophâlde sil te bestean - foar safier dat al net it gefal is.

Derom dizze twingende oprop. Achte Sevenster, jo hawwe skriuwwaliteiten genôch - mear as genôch. Hjir, De Moanne en Farsk sitte te springen om eigentiidsk, orzjineel proaza. Graach wol ik jo namme yn de takomst yn dizze blêden tsjinkomme. Of praat? Oke.

Simy Sevenster, *Ut 'e foarein II*, Friese Pers Boekery 2007, 12,50 euro